

# It Wyfke fan Starum

It Wyfke fan Starum is in sêge út de 16e ieu, dy't om it jier 1800 hinne syn hjoeddeiske foarm krigen hat.

**Yn Starum, yn dy tiid in rike hannelsstêd, wenne in rike keapmanswiddo. Hja hie in hûs mei gouden flieren en sulveren muorren en hja hie mear skippen as alle oare keaplju fan Starum byelkoar. Hja wie sa ryk dat hja in skipper mei goud de see op stjoere koe om it kostberste besit op ierde foar har te keapjen.**

**De skipper kaam op it lêst werom mei in skipfol nôd út Danzig. It wyfke waard poer: "Dit is gjin goud wurdich. Oan hokker side hawwe jo dat laden?" "Oan stjoerboard, frouwe." "Gean dan wer de see op en smyt it oer bakboard der wer út."**

**In bidler dy't dat hearde frege har dat net te dwaan: soe hja sels ea earm wurde dan soe it nôd har wol goud wurdich wêze.**

**Mar hja naam in gouden ring fan har hân en smiet dy yn see: "Likemin at dy ring ea weromkomme sil, sil ik ea earm wêze."**

**In dei kaam ien fan de tjinsters fan it wyfke by har; hja hie yn de mage fan in fisk de ring fan it wyfke fûn. Fan doe ôf gong it min mei de widdo. Troch de iene ramp nei de oare ferlear hja al har rykdom. Op it lêst moast hja yn de stêd biddelje om brea.**

**Foar de haven fan Starum woeks it nôd dat yn see smiten wie. Sân waard troch de planten fêsthouden en sa ûntstie in sânplaat, it Frouwesân, wêrtroch de haven fan Starum min berikber wurde. De keaplju kamen net mear nei Starum en de stêd ferearme. Sels de nôd op it Frouwesân brocht de stêd gjin jild: op de sânplaat woexen gelde ieren, sûnder nôtskerrels.**